

## **Preek oer Sach.5,10.11** (Droegeham, 23-12-18)

Fotum en groetnis  
Lft 125:1,3,5  
10 wurden van it ferbûn  
LLL 45 (meldij: Ps.130)  
Gebed  
L Sach.5  
Ps.98:2,4  
T Sach.5,10.11  
Preek  
Ps.103:4,5,9  
Tanksizzing en foarbea  
Kollekte  
LLL 72  
Segen

Gemeente fan de Heare Jezus,

Oer it fisjoen fan it frommes yn de moalamer haw ik ien kear earder ris in preek heard. Miskien haw ik der ek noch wolris faker in preek oer heard, mar dy iene heucht my noch. It boadskip fan dy preek wie: "God hellet dyn smoargens op, mar do moast wol de tonne bûten sette". Ik fûn dat doetiids wol in wat ienfâldige útlis fan it fisjoen. Want it kaam der dochs op del dat God dy dyn sûnden ferjout asto Him dêr om fregest. Op himsels is dat in goed boadskip, mar dat boadskip kinst út in hiel soad stikken út 'e Bibel helje. Mar oftst dat boadskip ek út Sacharja 5 helje kinst?

Ik lês yn alle gefallen nearne dat Sacharja in lege jisketonne sjocht dêr't de minsken har smoargens yn dwaan kinne. Nee, op it stuit dat it lid omheech giet, docht bliken dat dy tonne al fol ferdoarnens sit. Blykber is der al ien mei feger en túchblik troch de hûzen gien, sûnder dat de bewenners der erch yn hienen. Wat wurdt dêrnei mei al dy smoargens dien? Soe it yn dit fisjoen gean oer de ferjouwing fan 'e sûnden, dan soest ferwachtsje dat de brut nei it jiskelân bûten de muorren fan Jeruzalim brocht waard: de Gehenna, dêr't de wjirms net stjerre en it fjoer net útgiet (Mk.9,28). Mar yn it fisjoen wurdt de rommel noch in hiel ein fierder fuort brocht: nei it lân Sjineär, dêr't ienris de toer fan Babel boud is (Gen.11,2). Allinnich wurdt de ferdoarnens dêr net ferbrând, mar fereare. It fisjoen einiget ommers mei de wurden: "Se wolle der in hûs fan bouwe yn it lân Sjineär; en as se der in fuotstik foar opsteld hawwe, sette se him dêrop del". Dat je moatte nochal wat oer de holle sjen om Sacharja's sânde fisjoen te lêzen as joech it in byld fan de ferjouwing fan 'e sûnden.

Dochs nim it út dy preek fan safolle jierren lyn ien ding mei dat my noch altiten oansprekt. Want dy moalamer fol mei smoargens soenen je yndied fergelykje kinne mei in klike. Dan binne dy beide

froulju dy't mei dy klike fuortfleane fansels de jiske-auto fan de Omrin. Dêrom set ik dit tema boppe de preek: **[ppt]**

### **Gods gemeentereiniging**

Wy jouwe dêrby omtinken oan

1. de klike
2. de Omrin
3. it jiskelân

Dy puntenferdieling mislearret lykwols fuortendaliks al, om't er in boekrôle troch it byld sweven komt, fan twintich jellen lang en tsien jellen breed. Wy soenen sizze: tsien meter lang en fiif meter breed. Tsjien meter lang is net útsûnderlik lang. De timpelrôle dy't by de Deade See fûn is, is krekt like lang. It is wol bysûnder dat dy rôle hielendal ôfrôle is. Dat barde fansels noait. Ast in stik foarlêze wolst, rôlest it papier oan de iene kant ôf, mar oan de oare kant wer op. Mar al is de rôle dy't Sacharja sjocht net útsûnderlik lang, hy is wol útsûnderlik breed. Want yn stee fan in heale meter, is er wol fiif meter breed. Tink dy ris yn dat sa'n lape tekst dy boppe de holle hinget. Mar hie Sacharja no libbe, dan hie der miskien wol in fleanende beamer sjoen. Tink dy ris yn dat de beamer dy't jim hjir yn tsjerke hawwe net mear op de muorre projektarre, mar op jim hjir yn tsjerke. **[ppt]** Stadichoan krûpt it byld fan de muorre ôf, troch de tsjerke, stoel foar stoel, rige foar rige. In ysluke gewaarwurding, ast op dyn liif de wurden fan in ferflokking lêze kinst. "Ik haw dit stik útgean litten – is de godsspraak fan de Heare Almachtich – en it sil by de dief yn 'e hûs komme en by de man dy't by myn namme in falske eed dien hat; dan bliuwt it deryn en it sil it hûs fertarre, de stien likegoed as it houtwurk".

It liket miskien nuver dat Gods flok krekt de dieven en de ligers ha moat. Mar yn beide gefallen giet it om ferburgen sûnden. Dy kinne net bestraft wurde, salang't de dief net betrape en de liger net ûntmaskere is. No soe de skrik dy om it hert slaan kinne as dy foar it ferstân komt dat God net allinnich sûnde dy't oan it ljocht kaam is, mar ek sûnde dy't net oan it ljocht kaam is mei syn oardiel achterfolget. Want wa giet der dan noch frijút? Dochs leau ik net dat it de bedoeling fan dit fisjoen is dat minsken dy't fan herten besykje as in bern fan God te libjen de moedfearren hingje litte. Want yn it fisjoen fan 'e fleanende boekrôle giet it noch net oer sûnde dy't tsjin dyn wil yn dy oerbleaun is. Dêroer giet it earst yn it fisjoen fan it frommes yn 'e moalamer. Dat is dan alfêst in hiele treast. Mar it mei ek al in treast wêze dat minsken dy't har misdieden meinaam ha yn it grêf, dêr nei mei weikomme. Foar harren sil yn Gods nije wrâld gjin plak wêze. Ien sei it ris sa: "Dêr't de normale rjochtsmiddels nei by steat binne en soargje foar in rjochtfeardeige maatskippij, sil de Heare dêr sels foar soargje troch it ferburgen kwea út Israel út te rûgjen" (A.S. van der Woude).

Underwilens wurde minsken dy't twa libbens liede troch dit seisde fisjoen wol warskôge. Ut de mûle dêr'tst foar God in liet mei sjongst, moat gjin fiis praat komme. Mei de hannen dy'tst geardochst foar it gebed, moast dyn frou net slaan. Mei de eagen dy'tst út earbied foar God tichtdochst, moast gjin smoargens yn dyn libben talitte sadree'tst se wer iependochst. Mei de earen dêr'tst Gods frijspraak mei opfangst, moast gjin praat oanhearre wolle dêr't oaren ûnrjocht mei oandien wurdt. Mei de fingers dêr'tst it brea en de beker fan it nachtmiel mei oanrekke hast, moast net oan it besit fan in oar komme. Kristenen moatte minsken út ien stik wêze. Ast God om ferjouwing fan dyn sûnden fregest, striid dan ek tsjin dy sûnden. Mar sûnden dêr'tst net mei brekke wolst, moast God gjin ferjouwing foar freegje. Oars giet net it bloed fan syn Soan, mar it fjoer fan syn grime oer dy hinne.

Gelokkich is Sacharja's fisjoen dan noch net oer. Want nei dy fleanende boekrôle sjocht er in fleanende klike. Dêr sitte gjin sûnders yn, dêr sit de sûnde yn. Sjoch, der giet it lid iepen en it docht bliken dat er in frommes yn sit. **[ppt]** "Dat is de ûngerjochtichheid", seit de ingel, en hy triuwt har werom nei de boaiem fan 'e tonne en docht it leaden lid der wer op. Miskien fregest dy ôf wêrom't it no krekt wer in frou wêze moat dy't symboal stiet foar de ferdoarnens. It antwurd is hiel simpel: 'ferdoarnens' is yn it Hebriuwsk in froulik wurdt. Ek yn it Frysk klinkt it froulik: Risj<sup>a</sup>. Faaks is is wol goed foar ús en sjoch it kwea ris troch in frouspersoan útbylde wurden. Want as it kwea yn eigen persoan yn dy tonne siet, soenen je sizze dat de duvel derút komt wannear't it lid iepengiet. Mar him krije wy net te sjen. Yn stee fan him sjogge wy har. Dat jout betizing en dat is goed. Want it kwea lit him net sa maklik yn in fekke stopje. It komt fan bûten ôf, mar likegoed fan binnen út. It sit yn 'e kultuer, mar likegoed yn de genen. It kin de foarm oannimme fan ûnheil dat dy treft, mar likegoed fan in patroan dêr'tst yn fêst sitst. Do kinst der it slachtoffer fan wêze, mar likegoed de dieder. It kwea is in web dêr'tst sels yn fêstsitst, mar likegoed in net dêr'tst oaren mei fêstsetst. It is in kleaune fan minsklik tekoartsjitten en duvelske opsetsin, dy'tst mar net út 'e tiis helje kinst.

Mar it is al in bliid boadskip dat God it minsklike en it duvelske wol útinoar hâlde kin. As op it fisjoen fan de fleanende boekrôle it fisjoen fan de fleanende klike folget, betsjut dat dat wy net net tinke moatte dat it kwea de wrâld út is as alle kweawillige minsken de wrâld út binne. It kwea is grutter as de minske. Mar wat bliuwt der fan alle goedwillige minsken oer, as God it kwea útrûget dat ek yn har herten wennet? Binne de sûnde en de minske net sa mei-inoar fergroeid dat je har net mear útinoar hâlde kinne?

It is sa'n geweldich útsjoch dat him hjir iepenet. God wit de sûnde en de minske útinoar te heljen. Dan is de sûnde net langer minsklik en de minske net langer sûndich. Alle minsken langje nei in wrâld dêr't it kwea út ferdwûn is. Gjinn terreur, gjin ûnrjocht, gjin miljeufersmoarging, gjin sykte mear.

Mar salang't it kwea ek yn dyn eigen hert wennet, kin dat langstme net útkomme. It is as it himmeljen fan in hûs. Ast alles oan kant hast, kinst wer op 'e nij begjinne.

Mar as Sacharja syn eagen wer opslacht, sjocht er twa froulju oankommen mei de wyn yn 'e wjukken, want se hienen wjukken as dy fan in earrebarre. Dy tilden de moalamer op en namen him mei tusken himel en ierde. **[ppt]** Miskien fernuveret it dy net dat Gods gemeentereiniging twa froulju yn tsjinst hat. Fan in manljushûshâlding wurdt nochal ris sein dat it goed wêze soe as der ris in frouljushân trochhinne gie. Us synoadе hat sein dat it goed wêze soe dat dat yn tsjerke ek sa wie. Dochs hat it ek wat frjemds dat twa froulju it smoarge wurk opknappe moatte. Want wy leauwe dochs dat God de wrâld en ússels genêst (LB 344:3) mei it bloed en de Geast fan Kristus? Of steane dy beide froulju foar de Soan fan God en de Geast fan God?

Dat soe wolris sa wêze kinne. Mar it liket my better en harkje earst nei it antwurd op Sacharja's fraach, yn stee fan te sykjen nei in antwurd op ús fragen. Sacharja freget net wa't dy beide froulju binne, mar hy freget: "Wêr bringe dy de moalamer hinne?" De ingel antwurdet: "Se wolle der in hûs fan bouwe yn it lân Sjineär, en as se der in fuotstik foar opsteld hawwe, sette se him dêrop del".

**[ppt]** Nei Sjineär. Dat is in ein fuort! Net allinnich yn romte, mar ek yn tiid. Want de flakte fan Sjineär is yn de Bibel it plak dêr't minsken in toer bouwe woenen dêr't de spits fan yn 'e himel rikte (Gen.11,4). Dy toer fan Babel is it symboal foar in kultuer dy't him mei syn wittenskip en technyk ûnôfhinklik fan God meitsje wol. It is hoopfol dat it kwea nei in plak brocht wurdt dêr't fan in libben sûnder God al earder neat telâne kaam. Mar it kwea liket dêr net ferneatige te wurden en dat falt ús miskien ôf. Yn de fisjoenen dy't Johannes letter krige wurdt der al mei it kwea ôfweefd. Want dêryn wurde de duvel, it beest, de falske profeet, de dea en it deaderyk yn de poel fan fjoer en swevel keild (Iep.20,10.14). Mar by Sacharja liket it probleem fan it kwea allinnich ferskood te wurden: fan Jeruzalim nei Babel.

Dochs is dat net sa. Sacharia set wol in eigen aksint. Hy lit ús sjen dat God dejinge is dy't goed en kwea fan inoar skiedt. Dat die Er yn it begjin al, doe't er it ljocht fan it tsjuster en it lân fan it wetter skiede (Gen.1,4.9). God skept romte dêr't yn libben wurde kin: Hy mei ús en wy mei Him. Dy romte is net allinnich mar takomstmuzyk. Want yndied, mei in bloed fan Kristus wurdt ús sûnde fersoene en mei de Geast fan Kristus wurdt ús libben fernijd. Dêr't minsken yn Kristus leauwe, dêr is gjin plak mear foar de sûnde en foar de kweade.

Underwilens is dat frijplak noch omjûn mei it bedjer. Want foar de stêd dêr't de ferdoarnens fereare wurdt, hoechst net nei Sjineär ôf te reizgjen. Ek net net Amsterdam of nei Grins. Babel is hjir, lykas Jeruzalim hjir is. Yn hokker fan dy beide stêden wolst graach wenje? Net letter, mar no. Ast letter

yn Jeruzalim wenje wolst, moast dy no net yn Babel nei wenjen sette. Wês in kristen út ien stik. Do kinst dy net sneins troch it bloed fan Kristus reinigje litte en dy troch de wike liede litte troch dyn eigen begearten. Lykas de apostel Paulus seit: "Gâns minsken libje as fijannen fan it krús fan Kristus. Dat giet ta op har ûndergong, it liif is har ôfgod, se binne grutsk op har skande, se tinke allinnich mar oan ierdske dingen. Wy ommers binne boargers fan 'e himel; dêr ferwachtsje wy de Hear Jezus Kristus ek as ferlosser wei. Hy sil ús jammerdearlik lichem feroarje en it deselde foarm jaan as syn hearlik lichem" (Fil.3,18-21). Lit ús hjoed wer in stap sette op de wei nei dy takomst.

Amen.